

Provinsjale Steaten fan Fryslân
Steatefraksje FNP
O.f. de hear S. Knol

Ljouwert, 26 april 2022
Ferstjoerd, **26 APR. 2022**

Ús merkteken : 01988055
Ôfd/Opjefte :
Opsteld troch :
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Beântwurdig skriftlike fragen oangeande Kurrikulum.frl

Achte hear Knol,

Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 41 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 6 april 2022 beântwurdzje wy as neikomt.

Ynliedende taljochting

Minister Dennis Wiersma fan OCW hat op 4 april 2022 in brief kenmerk 32292669 nei de Twadde Keamer stjoerd oer it projekt Curriculum.nu foar it fundearjend ûnderwiis.

It Fryske Kurrikulum.frl ûnderwiistrajekt is keppele oan it lanlike Curriculum.nu trajekt. Der is al gâns tiid, jild en muoite stutsen sawol yn it lanlike as it Fryske kurrikulum.

De minister wol in punt sette efter it tiidslinende 'grootse en meeslepende' proses fan de lêst jierren, dat feitlik útrûn is op in grut praatsirkus. It soe mei de ûnderwiisherfoarming ta moatte op in mear praktyske oanpak mei peridyk kurrikulumûnderhâld yn stee fan grutte yngrepen. Werom nei de basis is no it biedwurd.

De nije ynset fan it regear hat gefolgen foar de kearndoelen en 'boustiennen' yn ûntwikkeling, foar de rinnende eksamenprogramma's, de plenning en de gearwurking en ynbring fan de professionals.

Fraach 1:

Wat betsjut it foar it Fryske Kurrikulum.frl ûnderwiistrajekt? Plenning, keppeling mei lanlik trajekt, finânsjes, ynset fan Provinsje en ynhierde organisaasjes?

Antwurd fraach 1:

It is op dit stuit noch net krekt dúdlik hokker gefolgen it oars ynstutsen lanlike trajekt hat op it Fryske trajekt. Ein april fynt der in amtlik ôfstimmingsoerlis plak tusken de Stichting Leerplan Ontwikkeling (SLO) as útfierder foar it Ryk, Cedin as útfierder foar de provinsje en de provinsje Fryslân.

Fraach 2:

Hoe reagearje de belutsen eksterne organisaasjes, it ûnderwiisfjild? Binne der reaksjes of soargen, sa ja hokker?

Antwurd fraach 2:

Der hat kontakt west mei Cedin. Ynkoarten fynt der in ôfstimmingsoerlis plak, sjoch it antwurd op fraach 1. Fierder hawwe oare eksterne organisaasjes of it ûnderwiisfjild hjiroer gjin kontakt socht mei de provinsje.

Fraach 3:

Wat betsjut dit foar it rinnende Taalplan Frysk 2030?

Antwurd fraach 3:

It fernijen fan de keardoelen foar it primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis biedt de kâns om de oanbodsdoelen better oan te sluten by de doelen fan it Taalplan Frysk 2030.

Fraach 4:

Wat betsjut dit foar de al ûntwikkele 'boustiennen' foar it Frysk?

Antwurd fraach 4:

Sjoch antwurd fraach 1, it ôfstimmingsoerlis fynt ynkoarten plak.

Fraach 5:

Wat betsjut dit foar it trajekt fan de nije keardoelen Frysk dy't PS fêststelle moatte?

Antwurd fraach 5:

Sjoch antwurd fraach 1, it ôfstimmingsoerlis fynt ynkoarten plak.

Fraach 6:

Wat betsjut dit foar de rinnende eksamenprogramma's Frysk?

Antwurd fraach 6:

Sjoch antwurd fraach 1, it ôfstimmingsoerlis fynt ynkoarten plak.

Fraach 7:

Hoe wolle jo PS fierder belûke en op de hichte hâlde fan dizze nije ûntwikkelingen?

Antwurd fraach 7:

Wy sille PS mei in brief op de hichte stelle sa gau at der details bekend binne.

Wy tidigje derop jo sa foldwaande ynformearre te hawwen.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris